

KRÚSPUNT - FERSLACH TWADDE JIERGEARKOMSTE 2 APRIL 2011 yn tsjerklik sintrum De Lantearne en de PKN-tsjerke fan Akkrum

Untfangst

Wy komme op in prachtige moarn byinoar yn Akkrum. De lêste dagen wiene der noch al wat ôfsizzings. Mar der komme ek minsken dy't har net opjûn hiene. Sadwaande binne wy mei ca. 52 minsken byinoar.

Nei de kofje geane wy nei tsjerke foar de liturgyske iepening.

Liturgyske iepening - mei in ferskaat oan lieten - û.l.f. Bob Pruiksmas en Geert van der Heide
Wy begjinne mei it moarnsgebed dat Toos Reichman gearstald hat en dêr't se twatalich yn foargiet.
Bob Pruiksmas (piano) en Jeltsje Pruiksmas (solosang) leverje in moaie bydrage.

Krúspunt ynformaasje - Presintaasje bestjoer - Fragen - - Utdielen jierferslach/finânsjeel ferslach
Liuwe Westra fertelt wat der ôfrûne jier út 'e wei set is. Der binne no sa'n 60 stipers en 18 dielnimmende organisaasjes. It webstee stiet fan alles op, û.o. ek it foarum, de merk dêr't fan alles te belibjen is (as der minsken komme). It bestjoer siket noch in redakteur foar it webstee, in nijsjager.
Fragen en opmerkings

- Kin Tuskentiden op ynternet?
- Afûk fynt it goed dat elke wike in liet fan Tusken Rein en Sinne op it webstee komt.
- Wurdt byhâlden hoefolle besikers it webstee hat? Ja, 2500 yn 'e moanne, ek út it bûtenlân.
- Foar b.g. feestdagen moatte foargongers gemeenteleden freegje de skriftlêzings yn it Frysk te dwaan.
- Der is in protte beskikber, mar it wurdt te min brûkt. In bytsje minsken witte alles, in protte hast neat.
- Trainingsdagen oanbiede foar foargongers en liturgykommisjes (fia Rouveen oankundigje).
- Wy hawwe noch net in goede yngong nei Menisten (fia LDS) en RK tsjerke (fia buro Assen).
Wurkje oan in netwurk. B.g. troch training oan te bieden. De Frijmakke Griff. Tsjerken hawwe in deputaatskip foar de Fryske Earetsjinst, dielnimmende organisaasje fan Krúspunt.
De nammekaartsjes fan Krúspunt wurde omparten en ek it jierferslach en finansjeel ferslach.

Wat sil Lieteboek 2012 ús bringe? - Ynformaasje fan Jan Breimer - Gelegenheid foar fragen
Jan Breimer fertelt oer Lieteboek 2012. Hy is lid fan de redaksje dy't de Fryske edysje fan Lieteboek 2012 taryedt en adviseur fan de redaksje fan de Hollânske edysje. U.l.f. Bob Pruiksmas en Geert van der Heide, as musisi lid fan de Yntertsjerklike Kommisje foar de Fryske Earetsjinst, sjonge wy ek in tal lieten dy't mooglik yn it nije lieteboek komme. De lêzing fan Jan Breimer stiet op www.kruspunt.nl

Opmerkings:

- It webstee www.liedboek.nl is net bywurke.
- Rop gemeenten op om tsjerkemusici oan te stellen.
- Hoe sjogge ISK en YKFE nei ynfiering fan Lieteboek 2012?
Der komme sjongjûnen yn de 7 klassen. In protte lieten sille fia de beamer gean.
Der wurdt (foar de Hollânkstalige ferzy) wurke oan in bondel + beamerpakket.

Ytskoft - sels brea meinimme (sop, kofje, tee oanwêzich) - boeketafel oanwêzich
Wylst wy sop en brochje behimmelen, waard der oan de tafels noflik peteare.

Meinoar sjonge - mei in ferskaat oan lieten - û.l.f. Bob Pruiksmas en Geert van der Heide
Wy sjonge de lieten út it boekje dat foar dizze dei makke is. En kinne der net genôch fan krije.

Petear yn lytse groepen (útwikseling en ideeën)

Yn seis lytse groepen prate wy oer de folgjende fragen: 1. Hoe is de situaasje no? Wat sjonge jim en hokker materiaal brûke jim? 2. Wat moat perfoarst yn (in Fryske tajefte fan) Lieteboek 2012?

Utwikseling - ferslach út de lytse groepen - wat kinne wy elkoar meijaan

Ferslach út de lytse groepen:

- Hoe is de situaasje no? Wat sjonge jim en hokker materiaal brûke jim?

(De earste groep set mei it ferslach de toan, de oare groepen werkenne in protte en folje oan...)

Groep 1: Yn de stêden in bytsje Frysk, yn de doarpen mear. De beamer wurdt in soad brûkt.

Guon sjonge allinne út it Lieteboek, de measten út mear bondels. Meast twatalich.

Groep 2: Ungefear itselde. Ek mear twataligens. En/of 2 / 4 / 6 Fryske tsjinsten jiers.

Of alle sneinen frysk (Frysk Oek. Wurkferbân). De beamer wurdt brûkt.

Somtiden Fryske lieteboeken. Sjongend op wei.

Groep 3: Twa of trije Fryske tsjinsten. Der moatte jo oan fêsthâlde!

De skriftlêzers kinne de lêzing yn in Frysk dwaan. Ek op stean!

Groep 4: Hieltyd mear Fryske eleminten yn de tsjinst.

Dêr berikke jo mear mei as komplette Fryske tsjinsten.

Groep 5: Grutte Tsjerke yn Ljouwert: elke snein ien Frysk ûnderdiel.

Waaltske Tsjerke hat Fryske fespertsjinsten.

Groep 6: Fariaasje fan hast gjin Fryske tsjinsten oant alle 14 dagen of alle sneinen (Hjelbeam).

Geregeldwei wurde beamer en liturgyen brûkt. Hast gjin komplette Fryske tsjinsten.

Der is in wereld oan materiaal en doch sakket it fuort.

- Wat moat perfoarst yn (in Fryske tajefte fan) Lieteboek 2012?

Dizze fraach is faak breder opfette: hoe/wat wolle jimme graach sjonge en hoe pakke jo dat oan?

1. Fan alles wat moai / Frysk is. Alles wat him ûntjout kin fia CD-rom op beamer. En op Krúspunt!

2. Wy binne flak foar in Fryske tajefte by Lieteboek 2012. Mei de Jûnsbea fan Gysbert Japicx, Psalmen, Wylde Goes, De frede fan 'e greiden, Tuskentiden tajefte b.g. 221, 223, 229, 237

3. Der moat wol in oersetting fan it Hollânske Lieteboek 2012 komme, mar dy kin op CD. Der is ferlet fan mear lieten foar bern en jongerein. En mear Fryske evangelyske lieten (Frysk just as taal fan it hert). As Lieteboek 2012 yn it Frysk ferskynt moat it wol mearwaarde hawwe, in tajefte.

4. Der libbet soarch foar in moaie liturgy. Bring 'lievelings'lieten op Krúspunt (sjoch foarum).

Wy kinne Fryske lieten yntegrearje yn de gong fan it tsjerklik jier. Tink ek oan de lektoarentraining.

5. Der is in grut ferskaat yn situaasjes. Der is ek in grut ferlet fan Fryske eleminten.

De dûmny leit faak in stimpel. Hollânsktalige dûmny's bekeare wy.

6. It Fryske Lieteboek moat net in automatyske oersetting wurde. It moat útblinke.

Wy kinne in seleksje meitsje út de Hollânske bondel. En dy oanfolje mei Frysk eigen lieten.

Nei dizze rûnte wurdt der noch efkes neipetear. Benammen oer de mooglikheid fan in dúdlik eigen Frysk Lieteboek 2012. Mei lieten fan Fedde Schurer, Hindrik van der Meer, Eppie Dam, Margryt Poortstra... Wa soe dy opdracht oannimme kinne? It foarbyld wurdt neamd fan de EKD; yn de Dútske landeskirchen binne sa ek ferskillende edysjes fan lieteboeken ûntstien.

De tiid makket in ein oan it petear. Op www.kruspunt.nl kinne wy fierder útwikselje, op it foarum.

Ek komt der in ferslach fan dizze dei op Krúspunt.

Wat wolle wy sjonge? It is belangryk dat wy sjen litte: yn Fryslân wolle se dit!

Krúspunt saaklik - réaksjes op jierferslach en finânsjes - ferkiezing bestjoerslid

Jierferslach en finânsjeel ferslach wurde goedkard. En men is bliid dat Eelke Goodijk foar in twadde termyn de Fryske Oekumenyske Wurkferbannen yn Krúspunt fertsjinwurdigje wol.

Jan Breimer, Bob en Jeltsje Pruikma en Geart van der Heide krije in blomke en in Krúspunt-aardichheidsje en wurde tige betanke foar harren grutte en moaie ynbring op dizze dei.

Ofsluting fan de dei - liturgyske ôfsluting - kofje / tee nei ôfrin

It programma is wat útrûn. We nimme in bakje tee mei en geane nei tsjerke foar de liturgyske ôfsluting. In moai beslút fan in moaie dei.